

Bêd en Brochje profilearret it eigen gesicht fan Fryslân op 4 kwaliteitsterreinen:

Kommunikaasje, iten en drinken, ynrjochting en duorsumens.

Dit jier spesjaal omtinken foar de **Duorsumens**. We stjoere tenei elke moanne in mail mei maklik út te fieren tips.

Duorsumens tips: Sunich mei wetter

Us beppe brûkte it ôfwaskwetter nei de ôfwask om in kastsje of in laad út te nimmen. Dan wie it wetter noch goed genôch foar it húske of om de strjitte te skrobjen. Wij libje yn in oare tiid, mei oare helpmiddels, mar kinne wol maklik in pear dingen dwaan om wetter te besparjen.

Tip 1 - Douche

Nim in wetterbesparjende douchekop (spaardouchekop), dat skeelt 40 a 50% wetter.

Tip 2 – Kranen

Set in brûsmûlstik (bruismondstuk) op kranen. Troch in normale kraan streamt 10 – 12 liter per minút, mei in brûsmûlstik kinne je mei folle minder ta (6 a 8 liter).

Tip 3 – Lit wetter net samar rinne

Bijgelyks it kin sekonden duorje foardat it waarm wetter der is. Fang it kâlde wetter op foar it kofjesetapparaat of de gieter, ensfh. Brûk bij it toskpoetsen in beker.

Tip 4 – Reintonne

Fang it reinwetter op yn in reintonne. Brûk dat reinwetter bijgelyks foar in hearlik bakje kalkearme tee foar de gasten.

Tip 5 – Diel it mei de gasten

Diel mei je gasten wat je dogge om wetter te besparjen, en freegje har te helpen. Dat kin ek foarôf, bijgelyks op jo Side fan Bêd en Brochje.

Nijsgjirrich nei mear tips?

Minder faak douche: <https://www.waterlandvanfriesland.nl/nl/douchelief>

101 tips: <https://www.energievergelijk.nl/onderwerpen/101-tips-water-besparen>

Reinwetter brûke foar wc ensfh.: <https://www.duurzaamthuis.nl/huishouden/water/hergebruik-regenwater>

